


Myn skoech

tekst en muzyk: Geartsje Douma

Bm A D Bm A D

Ik ha myn ea - gen ie - pen. Ik kin wier net mear slie - pe. Myn
skoech stiet yn 'e kea - mer, by it ger - dyn en
ik moat hiel - tyl tin - ke, wat sit der yn?

- 2 Dit wie in hiel dreech nachtsje.
Ik kin net langer wachtsje.
Ik slûp sêft nei de keamer,
nei it gerdyn.
Dêr stiet myn skoech, gelokkich,
der sit wat yn!



- **Spultsje** Len bern is Swarte Pyt en ien of mear bern meie de skoech opsette. Dérnei sjonge de bern it ferske mei de eagen ticht. Underwilens docht Swarte Pyt in pakje yn de skuon. As it ferske út is, dogge alle bern de eagen iepen en meie de bern dy't de skoech opset ha sjen oft der ek wat yn sit.